

Boek, boek, boek!

Rom, bom, bom, de foarlêstrom!
Kom, kom, kom, de foarlêstrom!

Boek, boek, boek, bisto, bisto
Op syk, syk, syk, op syk nei my?
Boek, boek, boek, dan kom mar gau
Want ik bin krekt op syk nei dy!

Ik flapperje mei myn earen
Want ik wol alles hearre
Ik wapperje mei myn hannen
En wibelje mei myn bil
Ik sit al hast wer stil... al hast, al hast wer stil...

Boek, boek, boek, bisto, bisto
Op syk, syk, syk, op syk nei my?
Boek, boek, boek, dan kom mar gau
Want ik bin krekt op syk nei dy!